

Bijlage VMBO-GL en TL
2024

tijdvak 1

Fries CSE GL en TL

Tekstboekje

examentor.nl



Hans Jouta hie it byld fan Johan Cruijff fergees ek makke

(1) Keunster Hans Jouta (1966) makke earder bylden fan ûnder oaren skriuwster Nienke van Hichtum, keatser Hotze Schuil en
5 âlvestêdetochtswimmer Maarten van der Weijden. It byld fan Cruijff is foar him de kroan op it wurk. Hy is der aardich foar betelle, mar hie it fergees ek wol meitsje wollen.

10 (2) Cruijff en Ajax sitte yn syn alderearste ûnthâld. Hy learde as lyts jonkje al it liet ‘Ajax heeft de wereldcup’ fan syn oerbeppe Geartsje. “Heit wie mear op it
15 keatsen rjochte, mar dy fûn Cruijff om syn útspraken geniaal. Sûnder heit hie ik Cruijff net makke. Hy hat my altyd yn alles stimulearre: nei de Keunstakademy, romte by him yn de
20 wurkpleats, ik mocht syn ark brûke. Hy wie myn bêste maat. Begjin dit jier is er spitigernôch stoarn.” Nei de Keunstakademy yn Grins skreau
25 Hans him yn foar de stúdzje Keunstskiednis oan de Universiteit fan Amsterdam. De stúdzje wie gjin súkses, de stêd fûn er ge-wel-dich. Dat frijfochtene. Ajax waard syn klup, Johan Cruijff syn held – ek al
30 hie er him noait yn it echt fuotbaljen sjoen.

(3) Doete, de frou fan Hans, lies yn in krante dat se yn Finlân in stânbyld fan Jari Litmanen¹⁾ hawwe
35 woene. Dat soe krekt wat foar him wêze, tocht Hans. Hy socht kontakt mei Geert Kuperus, de man dy’t yn de ArenA de grutste skybox eksploitearret, de Champions Lounge.

40 Telefyzjeminsken, Michelinsterre-koks, artysten... alles wat pommeranterich is, komt yn dy lounge. “Ik

sei tsjin Kuperus dat ik in hiel geskikt skaalmodel fan Litmanen hie
45 te stean. Dat wie net wier. Past miskien net sa by my, dat bluffe, mar ast oan de bak wolst, dan moastst it wolris wat taktysk oanpakke. Geert sei: ‘Kom begjin nije
50 wike mar eefkes del mei dat skaalmodel.’ Doe moast ik yn ien wykein in model boetsearje... Dat slagge en Geert fûn it prachtich. Hy hat it yn it Ajaxfermidden oankaarte,
55 mar Ajax spile gjin rol by dat stânbyld yn Finlân – dus dat is neat wurden. Mar Geert sei: ‘Ik wol dat byldsje al yn myn lounge hawwe.’ Sa is it begûn, goed tsien jier lyn.”

60 (4) “Doe’t Sjaak Swart²⁾ santich waard, sei Geert: ‘Oars makkest ek in byldsje fan Sjaak. Fynt Sjaak moai.’ Dat haw ik dien. Sjaak Swart wie yn it moed troffen en der kaam
65 in foto fan yn it Ajax-blêd en doe krigen se der nocht oan. Der steane no in stik of tsien bylden fan my yn de skybox. Van Basten, de bruorren De Boer, Koeman en ek fan Cruijff.”
70 Sa stie Hans by ûnthellingen gauris tusken de goadesoannen en oare miljonêrs yn de Champions Lounge. Earst wat ûnwennich. “Mar it went ek wol wer gau. Ik tocht: dizze manlju komme ek earne wei, dy binne ek
75 net yn in Armanipak berne.”

(5) En doe stoar Johan Cruijff yn 2016. Doe’t de namme fan de ArenA yn 2018 feroare waard yn Johan
80 Cruijff ArenA naam de supportersferiening it inisjatyf foar in stânbyld. Mar der wie ek al kontakt lein mei in oare keunster. Hans tocht: blikstieners, ik wol it byld meitsje. “Ik siet



85 yn it stadion en frege my ôf: hoefolle
byldzjend keunstners soene hjir
sitte? Miskien bin ik de iennichste
wol. En doe hat Hans dy troef spile:
‘Ik bin supporter, ik sit al jierren op
90 in telefoantsje te wachtsjen’, haw ik
sein. En dat wie eins ek wol sa.”

(6) “Wy wiene nei de hektyk fan in
drokke tiid krekt in pear dagen oan it
bykommen op fakânsje yn Spanje,
95 doe’t der telefoan út Amsterdam
kaam: ‘Hans, do sitst by de lêste
fjouwer, wy wolle nije wike in pitch.’
Ik moast in skaalmodel meitsje, mar
ik siet yn Spanje! Ik woe daliks wol
100 wer werom. De fakânsje wie be-
doarn. Nei de pitch haw ik it skaal-
model efterlitten yn Amsterdam. Dat
wie taktyk: as de oare keunstners
sketsûntwerpen efterlitte en ik in
105 skaalmodel, dan krijt myn wurk mear
oandacht. In skaalmodel kinst net
ûnderoan in steapel lizze.”

(7) “Doe’t ik de opdracht krige, haw
ik flokt en gûld. Wy moasten alle-
110 gearre gûle, it hiele gesin hie dêr sa
nei ta libbe. Ik hie letter wol sa’n
gefoel fan: as dit fout giet, hoe moat
ik dan noch fierder? Dan hat it gjin
sin mear om bylden te meitsjen. 25
115 jier lyn skyn ik al sein te hawwen dat
it myn grutte dream wie om in stân-
byld fan Cruijff te meitsjen. En no
kaam dy dream út.”

(8) “Wêrom’t Cruijff my sa rekket?
120 Fanwege syn ûnneifolchber fuotbal
en fanwege it trajekt dat er ôflein
hat. Hy hat syn heit jong ferlern en
syn mem makke de klaaiboksen
skjin by Ajax. Sa kaam er dêr

125 binnen. En jierren letter is er de
earste Nederlânske superstjer.
Sjoch, hy hat in geweldige ûntwikke-
ling trochmakke, mar Geert hat in
shirt fan him yn de Champions

130 Lounge mei syn hantekening derop
en ‘Bedankt Geerd’. En dan skriuwt
er ‘Geerd’ mei in d. Dat is Cruijff,
masterlik. Ik bin wol reedlik lyk-
moedich, mar as it om Cruijff giet
135 net. Dan tink ik: gewoan en nochter
dwaan, dat kin altyd noch wol.”

(9) “Ik haw wekker lein fan it byld. Ik
begûn ek oan mysels te twiveljen,
oft ik it noch wol koe. Wat skriuwers
140 dan hawwe: sa’n soarte fan *writers*
block. Soe it my wol slagje? Dy druk
moast fuortsakje – dat naam tiid. Ast
in byld makkest, dan krijst dy tiid,
want der sit in hiel soad gewoan
145 wurk yn. In frame meitsje, laskje, de
maten nimme, skaalmodel útfergrut-
sje, en mei pur en pikegaas oan de
gong – dat is gewoan wurk. Dan
stadichoan nei it finetunen ta en dan
150 wurdt it Cruijff. Dan is it model klear
en kin it nei de brûnsjitter.”

(10) “Immen frege my: ‘Foar wa hast
it byld no eins makke? Foar Cruijff,
dyn ego of jimme heit?’ En – earlik
155 is earlik – seker ek foar myn ego,
mar miskien dochs yn it foarste plak
foar ús heit. Je kinne it sa net
regisseurje, mar ús heit is de man
dy’t it fan de beukerskoalle ôf op de
160 rit set hat. Hy hat it noch meikrige
dat ik it byld fan Cruijff meitsje
mocht, mar de ûntbleating net mear.
Spitich.”

naar: Ate de Jong, de Moanne,
maart 2020

noot 1 Jari Litmanen wie proffuotballer by Ajax tusken 1992 en 1999.

noot 2 Sjaak Swart wie proffuotballer by Ajax tusken 1956 en 1973 en klubikoan.



Natuer en lânbou botse

“It liket tsjintwurdich wol sa dat it allegearre botse moat”, dat sei Yde Wierda (43) yn in telefyzjeprogramma. Wat bedoelt dy boer fan Damwâld en wat is syn ferhaal?

(1) Boer Yde Wierda pachtet sa'n trije jier it natuergebiet Sippen-
fennen, dat likernôch 90 hektare grut
is, fan It Fryske Gea. “Hearst wol
5 gauris dat soks net kin, dat agrariërs
en natuerbehearders net mei-inoar
kinne om't se ferskillende belangen
hawwe. No, ik kin dy út eigen ûnder-
fining fertelle dat it krekt hiel goed
10 giet”, fertelt er wylst er mei de
trekker oan it meanen is.

(2) “Se binne skjinnig, moai drûch op de
poaten en glânzje deroer”, seit
Wierda. “It is machtich om te sjen
15 hoe't se harren hjir ûntwikkelje.” It is
in prachtich gesicht as er syn kij út
de feewein loslit yn it natuergebiet.
De bisten springe deroer. Yn it foar
wie er benaud dat it fee it dêr net
20 rêde soe, om't it op guon plakken
hiel sompich is. “Wy hawwe mar ien
kear in bist út de sompe helje
moatten. Dat wie yn it earste jier.”

(3) Wierda hat in bedriuw fan goed
25 300 kij. As jonkje woe er al boer
wurde, al rûn it oars as pland. “Ik
kaam der tweintich jier lyn ynienen
allinnich foar te stean, doe't ús heit
30 sein wist ik doe net goed wêr't ik oan
begûn. As jonkje tocht ik dat it sim-
peler wie as dat it by eintsjebeslút
wie. Mar, it rint sa't it rint.”

(4) Hy leveret de molke oan super-
35 merken en docht mei oan it projekt
'Beter voor Koe, Natuur & Boer'.
“Dêr is omtinken yn foar wolwêzen
fan fee en natuer. Om dêr yn mei te

draaien, moasten wy lân oan de na-
40 tuer weromjaan of op oare wize na-
tuerlân oan it bedriuw keppelje. Dat
dogge wy no dus mei it natuergebiet.
Al ús kij stean bûten, it jongfee, de
melkkij en de drûge kij.”

(5) In part fan syn fee, sa'n fjirtich
45 kalve kij, giet nei it natuergebiet,
dêr't se frij omrinne. As proef koe er
it eilantsje Sippen-fennen ûnder Hur-
degaryp pachtsje fan It Fryske Gea.
50 “Dat wie earder in agrarysk gebiet,
mar net mear nei't de lêste boer yn
de jierren sechtich fuortgie, om't der
troch it gebiet in dyk fan Ljouwert nei
Grins oanlein wurde soe. Dy dyk is
55 der noait kommen en sa waard ik
wer de earste boer dêr.”

(6) By tafal learde er dat gebiet
kennen. “Ik sit by de frijwillige brân-
wacht yn Damwâld en wy dogge
60 geregeld oefeningen. Sa fûnen wy
dat wy ris foar in natuerbrân oefenje
moasten om te sjen hoe't men soks
oanpakt. Doe kamen wy by de
Sippen-fennen.”

(7) Al langer wie Wierda op 'e syk
65 nei grûn om te pachtsjen. “Ik bin net
de iennige boer yn Fryslân dy't lân
pachtet fan de natuerorganisaasje.
By bûtendyks lân komt it faker foar.
70 Ik hie my dêrfoar oanmeld, mar der
wie gjin romte mear. En doe kaam
dit foarby.” De proef is wûnderlik
goed útpakt. “It is dêr allegear
rûchte. Der groeie ferskillende soar-
75 ten gers, mar net it bekende be-
donge finneraai. Wy stiene der



fersteld fan hoe goed oft de bisten it dêr dogge. Se kinne sels fretten fine dat goed foar harren is, der binne tal
80 fan ferskillende soarten. De bisten hawwe de romte en binne dêr de hiele simmer, salang't it waar moai bliuwt. Der is genôch beskûl mei strûken en beammen om skaad te
85 sykjen en út fûle rein en wyn te bliuwen.”

(8) “Yn it begjin tochten wy dat de bisten wolris ferwylderje koene, mar se binne altyd like rêstich as wat. Ik
90 wit net oft dat no komt om't der minsken komme of gewoan om't se it sa bêst hawwe.” Bûten it briedseizoen is it natuergebiet tagonklik foar rekreanten. Mei in lûkpontsje
95 kinne se op it eilân komme. “Se rinne dan tusken myn kij en de ponnys fan It Fryske Gea om.”

(9) De kombinaasje fan natuer en lânbou pakt goed út. “Beide partijen
100 binne hiel entûsjast oer wat wy foarinoar krige hawwe. Wy nimme de natuerbehearder ek wurk út hannen. Sa sjochst mar: it hoecht hielendal net te botsen.”

(10) Neffens Wierda wurdt de agraryske sektor yn de media net altyd goed delset. “Dan krijst dat groepen foarinoaroer komme te stean. Minsken dy't oars tinke en der minder
110 doel oer hawwe, roppe fan alles. Saken dy't ferkeard wêze soene, wurde breed útmetten. Dat hat faak mei lobbys, belangen en jild te krijen. Dat wurdt wolris wat te hurd
115 spile, dat fyn ik spitich. Hjir yn de Sippen-finnen sjochst hoe't it ek oars kin.”

naar: Omrop Fryslân, 5 oktober 2021



Frysk heart der gewoan by

De iene skriuwt boeken foar bern, de oare makket flochs foar bern. Beide dogge se dat yn it Frysk en beide binne se sljocht op ferhalen dy't se graach diele wolle. Hoe sjogge Lida Dykstra en Tiffany van der Wal – better bekend als Tjits – nei inoars wurk?

(1) “O sjoch, wat moai!” ropt Tjits, “oer dat boek haw ik wolris in floch makke”, en dûkt yn it kofferke dat Lida Dykstra by har hat en hellet
5 *Omke Ule past op derút*. De Lêskoffer heart, krekt as it offisjele amtsketting, by de trije jier duorjende funksje fan de skriuwster as Berneboeke-ambassadeur. “Dêrmei
10 gean ik by skoallen del om foar te lêzen en te fertellen. Foar elke leeftiid haw ik ien of mear moaie Fryske boeken by my, fan *It Spûkskip oant Kening en Kening* en fan *Dingeman krijt wjukken oant Super*.” De skriuwster hat yn tritich jier hûndert titels útbrocht; de flochster is yn maart 2021 begûn mei har deistige famyljefloch oer har libben mei man Jelke en
20 bern Sake en Yldau. De froulju hiene al fan inoar heard, mar treffe inoar foar it earst. Hoewol't se elk in oar medium brûke, is der in soad werkenning en entûsjasme.

(2) “Yn myn flochs lit ik sjen dat it Frysk gewoan is”, fertelt Tjits. “It is okee om it te brûken, en ek moai.” “En dat fyn ik no krekt sa moai om te sjen”, reagearret Lida. “Datst it Frysk
30 deistich brûke kinst: by de iterstafel, ast oan it sporten bist. Dat it der gewoan by heart yn in jonge, moderne húshâlding.”

(3) As Berneboeke-ambassadeur giet
35 Lida Dykstra op toernee troch Fryslân. “Der binne gemeenten dy jouwe in lêskoffer mei boeken kado oan

skoallen. Ik lês foar, fertel oer boeken en meitsje by elk boek lesbrieven mei tal fan opdrachten dy't de learkrêften brûke kinne. De opdrachten binne foar ferskillende leeftiden, en ek geskikt foar thús.”

(4) Mei har wyklikse boekefloch is
45 Tjits eins ek in lêsamassadeur. “Ik lês myn bern alle jûnen foar. In koart stikje dêrfan komt yn de floch en it hiele foarlêzen boek komt op myn YouTube-kanaal, sadat oaren it foarlêzen boek besjen kinne. Dêrmei wol ik sjen litte dat Frysk foarlêzen moai is. Ik wol gewoan in floch oer foarlêzen yn it Frysk meitsje.”

(5) “Ast in boek lêst, dan kinst tinke
55 mei de harsens fan in oar, sis ik altyd tsjin de bern”, fertelt de skriuwster. “Sjochst nije dingen, leartst nije wurden, moatst soms neitinke. Dêr wurdst hiel tûk fan.” Se fynt it moai
60 om minder gongbere wurden te brûken, dy't faak nij foar de bern binne. “In wurd as ‘breinroer’ past prachtich by in ferhaal oer skûtsjeskippers. Bern begripe út it ferhaal
65 wat it betsjut of soms stiet de Nederlânske tekst derby, lykas by de Sipke-rigeboeken.”

(6) By har eigen dochter seach Lida hoe't bern nije wurden learden. “Se
70 wie noch in hummeltsje doe't ik har ynienen ‘brânwacht’ sizzen hearde. Dat komt út myn boek *Dideldeintsje*. It is wittenskiplik bewiisd dat harsenssellen harren ûntwikkelje. Ast



75 mear lêst, trainst dyn harsens ek
mear. By it lêzen tinkst aktyf nei en
makkest bylden yn de holle.” Dat
fernimt Tjits ek. “Ik sjoch dat by Sake
ek wol. Lêzen prikkelet syn fantasy.
80 Komt ‘Omke Ule’ ynienen foarby as
er oan it boartsjen is. ‘Omke Ule’, dy’t
earst neat doart en letter al.”
(7) It is al dúdlik dat beide froulju de
passy foar boeken en de leafde foar
85 it Frysk diele. Soene se de rollen

omdraaie wolle? “As skriuwer moastst
tsjintwurdich sichtber wêze. In soad
publisiteit giet fia sosjale media. Ik
bin dus ek wakker aktyf op Insta-
90 gram, mar in flochkamera sil ik net sa
gau oppakke”, laket Lida. “As ik mear
tiid haw, dan soe ik wolris in berne-
boek skriuwe wolle”, seit Tjits. “Ik
skriuw al ferskes en toaniel, dus wa
95 wit.”

*naar: Kom fierder krante,
Omrop Fryslân, 2021*

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.

Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.

